

In blom weiskuord út stilte

Stefan Markovski



Oersetting: André Looijenga

oarewurden
||| |

drugizborovi
||| |

Co-funded by the
Creative Europe Programme
of the European Union



In blom weiskuord út stilte

1.

Doe't de media berjocht diene dat de revolúsjonêre wittenskipper ferstoarn wie oan eintermkanker kaam dat oeral op 'e wrâld net inkeld hurd oan in akademyske rûnten. De dea fan de ûndersiker dy't koartlyn de hiele wittenskiptwrâld op 'e kop set hie, in ikoan fan de wittenskip wurden wie, wie ek in skok foar leken, wrâldlieders, kollega-ûndersikers, yntellektuëlen, keunstners en toanoanjaande persoanen op sosjale netwurken. It folle harren sielen mei bitterens en mei hope dat de takomst talinten bringe soe om de briljante ûntdekkings út syn pinne fierder te ûntwikkeljen.

Rûnom op 'e wrâld waard syn begraffenis folge as in barren fan útsûnderlik belang, en fuortdaalks brochten de politike liederen fan frijwat lannen him eare en erkenning.

2.

Jierren dêrfoar, op in tongersdei yn augustus, like de Klynk foar Neurosjirurgy fan it Akademysk Sikehûs yn Bilbao op in reuseftige doaze, dêr't de uniformearre meiwurkers lykas mikroaben allegear har plak hiene yn it drokke gehiel. De dynamyske atmosfear yn keamer 133 fereaske konstante konsintraasje fan de neurosjirurgen en de medyske stêf, dy't gebrûk makken fan de nijste techniken foar it fuortheljen fan harsentumoaren.

De kompjûterstjoerde sonde wiisde it plak fan de tumor oan.

It iepenjen fan de sulcus joech tagong ta de gyrus, dêr't de tumor siet, dy't de arts millimeter foar millimeter begûn fuort te snijen mei ekstreem stabile, trage bewegings. Nei de ekstraksje die de dokter katoenen baltsjes mei wetterstofperoksiede yn de sa ûntstiene holte sadat soerstof de tumorsellen ferneatigje koe op mikronivo. Dêrop waard de hoale oerdutsen mei in hemostatysk middel en ôfsletten mei titanium mikroplaatsjes, skroefkes en bonkmateriaal.

It wie tolve oere middeis doe't op 'e gong fan de IC-ôfdieling fan de Klynk twa mannen stiene, de ien yn in kofjebrún katoenen simmerpak, de oar de spesjalist.

“Goed jo te treffen, menear. Jo frou sil hjir noch minstens fjouwer dagen bliuwe moatte. Har tastân wie – jo witte it – sa goed as hopeleas. It is suver as binne boppenatuerlike krêften tuskenbeide kaam om ús tiim de operaasje flekkeleas útfiere te litten. Jo moatte witte, hja sil no hieltyd ûnder observaasje wêze en sadree't der nije ûntjouwings binne, heare jo it daalks...”, lei de arts út foar't er him nei it bêd late.

Efkes letter kaam Isaac, mei de mobyl oan de holle, keamer S-121 yn. Hy seach goed om him hinne en fûn de pasjinte dy't er socht.

Hy bruts it tillefoanpetear ôf en bûgde him stadich oer de frou har gesicht, heal ferburgen yn de binnenkante fan it trochskinend healrûn fan it beâdemingsapparaat.

“Ik bin der, Oceana,” die er te witten.

De teare fingers fan har hân iepenen har stadich, en it antlit fan Oceana draaide súntsjes syn kant út.

“Dokter seit datst oer in pear dagen nei hûs meist,” sei har man.

It triljen fan de frou har eachlidden wie kwalik te merken.

“It komt goed. It muoit dat ik net komme koe,” sei er wylst er him de lippen tichtbiet, “dizze dagen wie ik ferskriklik drok, sa'tst witst, mei it nije ûndersyksprojekt fan ús Ynstitút.”

De hoeke dêr't de frou har gesicht yn lei feroare net.

* * *

In dei as wat letter, wie Oceana klearwekker en wer yn steat ta kompleksere bewegings. Se mocht nei it húske ta en it balkon op dêr't se de oare kliniken sjen koe en de ferskate soarten beammen dêrtusken. Har sicht wie min, sadat de beammen liken op propkes heldergriene stof út it part fan it sikehûs dat frisse lucht en romte ta sykheljen brocht.

It wie moarns krekt foar tsienen dat hja mei Isaac it sikehûs ferliet. Isaac ried foarsichtich, hold even yn foar elke skerpe bocht foar't se úteinlik thúskamen.

“Hoe fielt dy?”, frege er doe't er de doar iepen die.

De jonge frou iepene stadich de eagen.

“It gie earder krekt wat better,” antwurde Oceana, “mei de tiid komt it goed, hoopje ik. Dat ik dat duzelige kwytretsjje.”

“Dyn eagen? Giet dat goed?”

Oceana kearde stadich de holle nei him ta, en justjes glimkjend sei se:

“Ik nim mar oan dat dat goed komt.”

“No dan net?”

“Sa ûngefear. It is krekt as hat ien my ûnskerpe lenzen yndien.”

“Dat hast nei de operaasje. Dokter warskôge my al,” sei Isaac, “oer de tydlike bywurkings.”

“Ja, ik nim dat dat is,” knikte de frou, en die de eagen wer ticht.

Harren brulloft in pear moannen lyn hie alle attributen hân fan lúkse, oerdied en rykdom, mei in mannichte gasten út de hegerein, wittenskipslju, famyljefreonen, in grut tal sibben. Ien fan Isaac syn bêste maten, dy't tsjintwurdich kollega-heechlearaar wie oan it *Donostia International Physics Center*, hie de rol fan seremoanjestmaster op him nommen.

Fan it lytse tal famyljeleden dat Oceana noch hie, wiene har omke-en-dy kommen, har muoike fan memmekant en in pear fiere neven en nichten.

Har winsk hie in trouwerij yn in lytse rûnte west, mar Isaac hie har ien fan de grutste mominten yn har libben tasein.

Troch de frisse lucht yn de tún fan in hotel wjerklonk in fariaasje oan muzykstilen, fan tradisjonele Baskyske, Spaanske en Frânske folk nei jazz en pop-rock.

Lykas noait tefoaren gie Oceana op yn dûnsjen, hapkes priuwen, praten mei ferskate gasten en op 'e foto kommen mei sa'n bytsje elk dy't der wie. Nei har operaasje moast se har oanpasse oan it minne sicht, wat by har in better geheugen foar lichaamlike bewegings werombrocht en har algehiele fokus op wat se fisueel ûnderskiede koe grutter makke.

Wurch gie se sitten en ynstinktyf koe se in nichtsje fan har werom dy't mei har op 'e foto woe.

De fotograaf krige de kamera en op it momint dat er in foto meitsje soe, fiede Oceana hoe't har earms en skonken trillen bûten kontrôle en lûde stimmen raasden binnen yn har holle. Hymjende draafde se nei it toilet mei de hannen oer de earen. Se slute har op yn in húske en bonkte op 'e doar.

It lûd boaze oan.

“Nee, dizze ellinde is ek in bywurking fan de operaasje!”, sei se mei triennen yn 'e eagen, “nee...”

Har gesicht waard eefkes read en har earms beefden fan skouder oant fingerseinen lykas de wylde weagen fan de oseaan. It lûd waard noch hieltyd hurder. Har blik bleau ûnskerp, folslein yn fokus op de fergulden doarknop.

“Oceana, doch iepen,” koe se de stim heare fan him dy't har man wurden wie.

“Isaac?”, frege se.

“Oceana, wat is der mei dy oan 'e hân?”

“Isaac?”, sei Oceana freegjend, wylst se de doar iependie.

Isaac seach har ferheard oan, mei de earms útspraat.

“Wat is der bard? Do hast mear as in oere opsletten sitten yn it toilet,” sei er, “ik hie hast it idee dat ien fan de gasten dy ûntfierd hie, ek al ha wy sa’n goede befeiliging by ús trouwerij.”

“Isaac, ik tink dat ik skriemen hearde út de brân... ús mem... ús heit... Ik bin bang dat ik gek wurd.”

* * *

Isaac trêde syn wurkkeamer op en del, smokend en mei in heal glês bourbon dêr’t er grutte swolgen út dronk.

“Ik sis jo, wy wiene folslein oertsjûge dat de operaasje in sukses wie,” sei de stim oan de tillefoan, “de tumor ha wy oerwûn.”

“Dokter, har sicht... hja is in mear as geniale teoretikus en...”

“Mei alle respekt, professor, jo witte dochs watfoar bywurkings sa’n kraniotomy op ’e lange termyn ha kin?”

“Ik haw jo oanjûn dat dat krekt is wêr’t ik bang foar wie, dokter.”

“It feit dat wy mei sukses in sykte oerwinne koene dy’t him freeslik rap de ferkearde kant út ûntjoech, slút net út dat der op ’e lange doer bywurkings binne,” sei de arts, “en jim wiene beide warskôge.”

Isaac naam in swolch whiskey.

“Wat ús no bliuwt is wachtsjen. Tumoaren yn de hypofyze drukke op it chiasma opticum. Dat is it stik ûnder de hypothalamus dêr’t de senuwen krúzje dy’t de fisuële stimuli út de eagen wei oerbringe. It sjen komt hast altyd hielendal werom.”

“Hast altyd?”

“Der sil in detailanalyze dien wurde moatte. Mooglik binne der oare, kompleksere njonkeneffekten. Sjoen it plak en it formaat fan de tumor, is it net út te sluten dat der op kognityf mêd gefolgen wêze kinne foar de artikulaasje fan guon mentale aspekten...,” sei de arts, “úteinlik, is de mooglikheid fan in twadde yntervinsje net út te sluten. Mar, lit ús sjen hoe’t de situaasje him ûntjout.”

“Yn ’e oarder, dokter,” antwurde Isaac, wylst er it jiskepakje derby pakte om syn sigaret út te drukken, “wy hâlde kontakt.”

“Oant sjen, professor.”

Isaac naam in swolch en sette de flesse op it buro. Hy hie de tillefoan noch net op it massyf mahoany buro lein, of hy gong al wer oer.

“Ik woe professor even oan jûn herinnerje,” dield in frouljusstim mei.

* * *

It tou dêr’t de boat mei fêst siet, wie nuvere dreech los te meitsjen. Oceana stie wankel te pielen om it gauwer út ’e tiis te krijen. Dêrnei lei se it tou werom op it fêste plak. Se skeakelje de motor oan, helle de riemen oan board en stuts ôf de baai oer.

Yn de baai fan Pasaia, dêr’t har berteplak San Juan, of Donibane sa’t de Basken it neame, lei, wie se gewend om oeren te farren. Om de weagen te hearen en de fisken te fuorjen.

De behandeling fan har progressive tumor, dy’t de lêste moannen ûndraachlike pineholle feroarsake hie, makke har boattochtsjes de oseaan op ta in meditaasje dy’t har rêst brocht mei in minimum oan fisuële prikkels. It direkte fielen fan de oseaan stimulearre har yntuysje, dy’t se sa nedich hie foar har wurk.

Op in ôfstân fan twahûndert meter út ’e kust en hast in kilometer fan har bertehûs, wie it wetter oan it oerflak rimpelleas fredich. Oceana krige twa pûdsjes, it ien mei lytse fiskjes, it oar mei fiskfretten. Mei har blaugriene eagen, dy’t it byld fan de bûtenwrâld hieltyd wer mear waarnommen, wiidiepen folge se har skobbige freontsjes út ’e djippte, wittende wat it gaadlikste stuit wie om se te fuorjen.

Krekt doe rekke se wer út har lykwicht en gie se sitten.

Se hie de hannen oer de earen, de holle foardel.

Wat yn 'e frede!?', rôp se yn harsels.

Se seach op en besocht de hannen fan de earen ôf te heljen. Fuortdaalk hearde se wer in ûnhelder, ûnnatuerlik lûd en se duts har de earen wer ta.

Se die de eagen ticht, se sykhelle in kear as wat hiel djip, en azeme stadich út as yn in meditaasje-oefening.

Eefkes letter, iepene se har eachlidden wer. Begjinnend by de tommen helle se stadich de fingers en hannen fan de earen dy't dêr hermetysk oan fêstlime liken te wêzen. Dit kear wie der gjin lûd mear, útsein in metalich triljen yn in weromkommend ritme yn de loft.

Oceana har bleke antlit seach op nei de himel, wylst har hannen de motor fan 'e boat wer oansetten, wêrnei't se gau wer werom wie op 'e wâl.

* * *

De resultaten fan it eksperimint yn de sintrale fan Vandellòs yn Kataloanië kamen oerien mei wat de ferwachtings wiene en oan Oceana wie de gewoanlike plicht om suggestjes te jaan omtrint de methodology foar analyse fan wat no te dwaan stie. José, ien fan de assistinten fan it projekt, wie sa sympatyk en freonlik om de resultaten troch te lêzen, dêr't hja kommintaar by skreau yn de foarm fan fergelikings en formules. De bewegings fan har hân dy't de formules en de grafyske represintaasjes útfierden, wiene al yn har holle úttekene, wêrtroch de mooglikheid ta flaters útsletten wie. Wat se mei de hân skreaun hie, waard neier ûndersocht troch José en de rest fan it tiim.

De faze hjirnei bestie út suggestjes jaan ta ferbetterings fan takomstige eksperiminten.

Oceana wurke sûnt sân jier as ûndersiker en hie dêrneist wurkûnderfining yn kearnsintrales sawol yn Spanje as yn Frankryk, en yn de tuskentiid reizge se as gast-ûndersiker nei Ingelân, Switserlân en Dútslân.

Ofstudearre oan de natuerkundefakulteit yn Bilbao, dêr't se yn har studintetiid har man kennen leard hie, sollisitearre se nei en ûntfong ferskate útnûgings wittenskiplike projekten rûnom yn Europa.

De twadde unit fan de sintrale fan Vandellòs hearde ta de tredde generaasje kearnsintrales yn Spanje mei in jierlikse produksje fan mear as njoggentûzen gigawatt enerzjy. De PWR-reäktor wurke op basis fan wetterkuolling ûnder hege druk, wat ynhold dat it wetter fuortpompe waard nei it hert fan de reäktor, wêr't it opwaarme waard troch enerzjy dy't fuortkaam út kearnspjalting, wêrnei't it waarme wetter oerbrocht waard nei in ôfsûnderlik kompartimint om steam te generearjen en nei de turbines fan in elektryske generator, – wêrmei't it wetter in twaliddige rol hie sawol ta kuolling as foar it moderearjen fan neutroanen.

Oceana har laptop lei achteleas op ien fan de lege metalen opslachkasten te lizzen midden yn de wurkromte, doe't der in sinjaal te hearen wie.

Mail, einlings, sei se by harsels, wylst se op har persoanlike kompjûter ôfstapte. *Ik sil nei Genève takom jier*, sei se dêrby, de eagen wiidiepen spraat.

Op it skerm stie in spesjale útnûging foar in útsûnderlik wichtich barren op it mêd fan teoretyske natuerkunde, wêrûnder it ferneamde logo te sjen wie fan ien fan de belangrykste organisaasjes fan de hjoeddeiske wittenskip.

It CERN, einlings!, spruts se flûsterjend út, wylst se de laptop optilde.

Koart dêrnei, nei't se it paske mei it wachtwoord checkt hie en de feilichheidskontrôles troch wie, stie se bûten foar it massive bouwurk dat him befûn oan de Autopista del Mediterráneo tusken Barcelona mei Valencia.

Op it parkearterrein stie in âlde glimmend metallic jeep dêr't se ynstapte en in minút letter ferliet se, beselskippe fan José, it kompleks yn de rjochting fan Tarragona en har tsjinstwenning foar wannear't se foar de sintrale oan it wurk wie.

* * *

Nei inkele dagen wiene de eksperiminten dien en wie Oceana al wer op 'en paad werom nei Bilbao.

It hie it gesichtsfermogen fan Oceana útsûnderlik lang duorre om folslein te stabilisearjen en werom te kommen, en tagelyk mei it gesichtsfermogen kamen ek nuvere sydeffekten yn de foarm fan lûd.

Wylst se yn de jeep oer de sneldyk nei hûs ried, hold se yn har holle gauris notysjes by dy't meast te krijen hiene mei de behelle resultaten.

Doe't se op in stik sûnder grutte bochten kaam, sette se har wein op cruise control.

It folume fan de radio draaide se omleech en se pakte it skriuwbokje en in pinne en skreau der fluch in pear fergelikings by, oanslutend by wat út de eksperiminten kommen wie. Dêrnei begûn se op in nije bledside.

Op 'e nij deselde lûden. Deselde mjuks fan in fine ultra-sachte toan en aaklik mikro-lawaaï.

Se hie de pinne beet en brocht him nei har ear. De lûden waarden hurder. Net leauwend wat se hearde, bewege se de pinne fan har ôf en doe wer tichter by har ear.

Sûnder twivel wie it in absolút kranksinnige erfaring dy't bûten elk foarstelber ramt fan de ratio foel.

De lûden kamen út ien as oare 'djip ferburgen' binnenwrâld fan de fierders sa deanormale pinne.

Se pakte de pinne wer en op de iepen side fan it skriuwbokje notearre se twa fan de ferneamdste fergelikings fan de moderne natuerkunde: $E = hf$ en $E = mc^2$, Planck en Einstein harren definysje fan massa, en dêrûnder foege se ta: $m = hf / mc^2$.

“De massa útdrukt troch de frekwinsje foar it determinearjen fan foton-enerzjy en de Planck-konstante...”, sei se rap ûnder it skriuwen fan de fergelyking, “It Higgs-fjild besit in potinsjeel ta hege frekwinsje útdrukt as in Higgs-dieltsje, mar sadanich dat der gjin ynteraksje mei fotoanen is. Hjirút folget dat se gjin massa ha. Oan de oare kant hat enerzjy in massa dy't romte-tiid bûget, en meidat fotoanen enerzjydragers binne, binne dat ek enerzjydragers, wat ek ûnderstipe wurdt troch de eksperimintele befinings yn oerienstimming mei dat de restmassa oan fotoanen net reducearre wurde kin ta eksakt nul.”

Op dat momint hold se even yn. De lûden waarden mear kakofony en mear dúdlik op itselde stuit. Se hold it skriuwbokje by har ear. In ferskaat oan lûden kaam út it bokje. Se lei it bokje del, konsintrearre har, en gie fierder.

“As wy feroarings meitsje kinne yn it Higgs-fjild, soene wy ek enerzjy feroarje kinne dy't frijkomt út in beskate massa yn oerienstimming mei de Einstein syn fergelyking... mar wy soene net altyd dy feroarings ta stân bringe kinne omdat de massa fan de dieltsjes net altyd generearre wurdt troch ynteraksje mei it Higgs-fjild. Bygelyks is de massa fan it foton it gefolch fan beweging. It hiele Higgs-mechanisme is op himsels in spesjaal gefal.”

It selsstjoerend systeem fan de jeep joech oan dat der in lytse minsklike yntervinsje fereaske wie. Oceana lei fuortdaalks wer de hannen oan it stjoer. Neidat se in rige auto's ynhelle hie, hie se har fokus wer by har notysjebokje.

“Oan de iene kant liedt de gedieltelike ynteraksje fan dieltsjes mei it Higgs-fjild ta it hawwen fan massa, mar oan de oare kant is massa in ynherinte eigenskip, dy't ek de fotoanen ynslút dy't besteane út massadieltsjes mei in tsjinstelde lading dy't elektryske fjilden generearre, en dêrby komme út harren beweging magnetyske fjilden fuort, mei oare wurden de resultearjende elektromagnetyske fjilden. Elk dieltsje, ynklusyf it foton en it gluon, hat tagelyk in massa, mar ûnderstipet de massa ek foar in part as resultaat fan de ynteraksje yn oerienstimming mei it Higgs-mechanisme, lykjend op mar net gelyk oan dat wat fuortkomt út CMS en ATLAS.”

Wylst se de lêste sin útskreau, hearde se it lûd fan in stjoerder mei âlde rockmuzyk, dêr't krekt doe in seldsume studio-opname klonk fan *Beginning to See the Light* fan The Velvet Underground, dat se net mear heard hie sûnt se begjin tweintich wie.

* * *

De loft boppe Bilbao wie berûn mei swiere wolken dy't net fan plan wiene om boppe de stêd wei. De rein dy't in wike lang út en troch fallen wie, wie weromkommen nei in drûge rite fan noch gjin twa dagen.

Oceana sliepte de hiele nacht net, en moarns ier skreau se noch hieltyd rigen yn wiskundige notaasje yn har boekje en op har kompjûter, fergelikings en beskriuwings fan fenomenen dy't it spesjalisme fan har en Isaac wiene op it mêd fan subatomêre fysika, kwantummechanika en de teory fan kwantumfjilden.

Wilens har gesicht sûnder ûnderbrekken fokust wie op de urbane hoarizon dy't ynkadere wie yn elegante aluminium keuzen op de sechtjinde ferdjipping fan in readbakstiennen flat net fier fan de rivier de Nervión en der tagelyk hast gjin beweging siet yn har nekspieren, skreau se lange matematyske rigen út, no en dan de hân útstekkend nei persleinen kopkes dêr't de rook fan kofje mei tsjinsin út weiwaard. Faaks wie it om't der net genôch kofje wêze koe om alle enerzjy op te laden dy't nedich wie foar in allesomfiemjend wiskundich notearjen fan de nije werklikheid, betocht hja by harsels elke kear dat se it kofje-apparaat oansette en mear tsjustere matearje oandroech foar ekstra faasje yn har tinzen.

De bledsiden skreaune harrensels, as wiene se tinzen dy't op harsels gearraanden ta systemen fan wiskundige stellingen út telepatysk ferkrigen ynformaasje.

* * *

Let op 'e middei baande Isaac him in paad troch de rein mei in nije auto oer de brede strjitte dy't late nei in monumint fan in myld foaroerbûgjende Jezus yn it hert fan de metropoal. Hy hold ho. In jonge frou fan efter yn de tweintich, dy't út de auto stappe en op in winkel foar húshâldlike artikels ta soe, joech him in tût en fatsoenarre him provokatyf de kraach. De heechlearaar gromke wat, struts har frijwat rûch troch it hier en seach har warskôgjend oan. Eefkes letter begûn de motor fan de auto wer te brommen, op 'en paad troch de ferkearsgaos fan *El Botxo*, de haadstêd fan Bizkaia.

* * *

De rein wie te waarm en te sêft om net in kuier te meitsjen by de rivier del. Oceana ferjitte hielendal om in paraplu mei te nimmen, die har skuon oan, naam de lift en in pear minuten letter wie se ûnder yn it park.

Mei't se it wichtichste part fan de fergelikings fan har wurk ôfmakke hie neffens har opset en ferskillende punten, fielde se ynienen de needsaak om even lins.

De bewegings fan har irissen yn it grutte eachwyt gongen hinne en wer tusken abrupt en stadich, wylst se rêstich siet op ien fan de parkbankjes en mei de holle tsjin de houten bekling line.

Se wiene te hearen. Hja koe se heare. De einleaze minuskule ûnferwoastbere tearheid fan wêr't se desennialang nei op 'e syk west hie troch skerpsinnige eksperiminten út te tinken koene berikke wurde troch mei soarch te harkjen nei de lûdsporen yn de lucht. En it hout, en de lucht, en de pinne, en de mar, en it skriuwbokje, en elk tinkber stikje fan de romte hie in stim dy't heard wurde koe.

De frou siet in ûnbepaalde tiid mei wiidiepen eagen, mei in fiksearre blik en de holle fansiden lizzend op in houten bank, doe't se út it park wei it hinderlike lûd opmurk fan in nije auto.

* * *

“Noch noait haw ik sa'n enorme hûdfol wurk sjoen fan hokker kollega dan ek, Oceana,” sei Isaac rêstich, wylst er de blêdsiden beseach dy't him oanrikke wiene. De heal-oanberne glimk op syn frou har gesicht wie konsintrearre op 'e rjochterhoeke fan har folle lippen.

“Trochdatsto it begryp fan it Higgs-mechanisme ofwol negearrest ofwol befoarderest, stelsto letterlik in nije definysje foar fan de grûnslaggen fan de moderne fysika. Besefsto dat wol?”

“Der binne noch ekstra eksperiminten nedich, Is,” sei se, “Ja, it is in skalêr dieltsje mei zero spin. Ja, it hat positive pariteit en likegoed binne de finale útkomsten yn oerienstimming mei it standertmodel.”

“Dus dêrmei wurdt it net tsjinsprutsen, mar wurdt der in nije kontekst jûn oan it bestean fan it Higgs-dieltsje?”, frege Isaac mei de hannen krúslings.

Oceana, mei noch hieltyd deselde fiksearre blik, knikte.

“Goed, dit sil ik yn detail besjen moatte. Mei ik it meinimme?”

“Altyd. It lêste stik is noch net klear. Mar dit befettet de fûneminten fan de nije teory.”

“Begryp ik. Fertel my, hoe bist ta dy konklúzjes kaam?”

“Wy ha elkoar healweis troffen.”

“Hoe, sorry?”

“Se wiene der al. Yn ’e foarm fan stimmen. Ik bin der allinne yn slagge om se te lêzen en om se op grûn dêrfan en yn oerienstimming mei myn eardere kennis in systeem fan fergelikings en teoryen te foarmjen.”

“Stimmen? Bedoelsto, lykas lûdsweagen dy’t beweegje troch de romte mei 343 meter per sekonde?”, glimke Isaac hoeden.

Oceana bewege de holle fan links nei rjochts.

“Do hast dochs net superluminale kommunikaasje berikt? *Actio ad distans* yn in kontekst fan fonoanen mei lange weachlingte? Ik meitsje in grapke. Ik sil dit lêze, Oceana.”

Isaac gie op har ta en rekke mei de hân har gesicht oan.

“Mar, asjeblyft,” sei er, “besykje te relaxen...”

De frou knikte.

Wylst er mei sin de wangen fol lucht pompe, die de natuerkundige de eagen heal ticht, draaide de holle en rûn de keamer út.

Oceana har blik bleau as fersegele op in dea punt oan ’e hoarizon.

* * *

Foar de professor wie syn kantoar as in hillichdom. Dêr koe er him konsintrearje op oan ’e iene kant it oplossen fan kwestjes, en op it konstante ûntstean fan nij opkommende problemen, wêrfan’t it adekwaat formulearjen en oplossen wachte op in wjerklank yn de wrâld fan de moderne kwantummechanika.

De heechlearaar blêde troch in dokumint fan hûndert siden en brocht korreksjes en notysjes yn oan, dy’t er oernaam op syn hieltyd oanskeakele laptop, oant it momint dat syn mobyl lûd joech. Hy sykhelle djip, azeme út en naam op.

“Ja, ja, ik socht dy al,” sei er, “Sjoch, al jierren witsto hoe serieus oft ik bin as minske en as wittenskipper. Ik sit yn noed, ik sit echt yn noed oer har sûnens... har psychyske sûnens. Ik sil it dy útlizze. Hast fan ’e jûn tiid?”

De strange, djippe frouljusstim oan ’e oare kant joech monotoan antwurd.

“Is goed, ik sykje dy daalk even op.”

Isaac brocht in glês wetter nei syn lippen, lei de mobile tillefoan ynstinktyf del, en ferluts syn eagen ta in skerpe skeane line, as in elliptyske bôge fan ûnder nei rjochtsboppe.

It wie folút maaie doe't yn in psychiatrysk sikehûs net fier fan de binnenstêd in evenemint plakfûn, wêrby't in tal profesjonele musisy gearwurke mei pasjinten. In pear dagen earder hiene pasjinten mei affiniteit mei skilderjen in rige skilderijen makke, wêrfan't guon nei studinten stjoerd waarden om te analysearjen en oare skonken oan in benefytfeiling foar in fûns foar bern mei kanker.

Guon doeken bleaune útstald yn de lange sintrale gong op 'e begane grûn.

Der wiene net folle minsken, en de keamers wiene skjûn.

Yn ien derfan, ynstoppe ûnder in breed tekken siet heal-lizzend in frou fan middelbere jierren mei it hier yn 'e war. Flûsterjend suchte se as in mantra hieltyd wer dreech te begripen sinnen. Midden oer har wangen rûnen opfallende tearen.

“De gelyk-tekens binne blommebledsjes, en de blom is it folsleine begripen. It begripen is in blom weiskuord út it tsjuster fan de domheid.”, spruts hja in minút lang werheljend.

Stevich hie se de pinne yn 'e hân, klear om wat op te skriuwen, doe't de ferpleechster har ûnderbruts.

“Oceana, do hast besite,” sei se, en dêrop kaam Isaac, elegant yn 'e klean, de keamer yn.

“Elk stikje werklikheid ferbercht syn wierheid yn it skaad fan it gehiel,” werhelle Oceana.

Isaac kaam tichterby.

“Witsto dat?”, frege se, wylst se him oanseach.

“Ik wit dat elk stikje werklikheid syn wierheid ferbercht,” antwurde Isaac.

“Yn it skaad fan it gehiel. Elk stikje werklikheid ferbercht syn wierheid yn it skaad fan it gehiel. Elk stikje...”, sei Oceana hieltyd wer, de eagen yn in dize.

“Ik wit it. Dat hasto my ferteld”, sei Isaac. Hy seach in learen notysjeboek op it bêd lizzen en stuts de hân dernei út.

“Do? Wa is *do*? Wa bisto? Krekt as kin ik dy...”

It notysjeboekje wie oan ien kant fol kwattele mei dreech te lêzen wiskundige stellingen, matriksen, funksjes, oplossings yn faktoaren, bewizen. Oan de oare kant stie in tekening, fan in kleurige blom.

“Wat is dit?”, frege de fysikus.

“Dat is in graviton.”

“In graviton?”

“It dieltsje dat ús op ien as oare wize allegear byinoar hâldt. Byinoar, mei de trije oare dieltsjes dy't de fûnemintiele ynteraksjes kwantisearje.”

Isaac sloech mei niget de bledsiden om. Tagelyk besocht er om in appel te pakken út in skaal op de tafel midden yn de keamer, mar hy liet de appel op 'e flier fallen.

“It graviton hat gjin massa. Hoe witsto dat it graviton der útsjocht as in blom?”

“Krekt as de oare dingen, ik fiел it gewoan. De blom is in wjergader fan ús inerlike steat,” sei se. “It hoecht gjin massa te hawwen om in inerlike steat te hawwen.”

Isaac pakte de appel fan de flier. Ultra-fluch scannend rjochte er him wer op it part fan it boekje mei de wiskundige stellingen.

“Hm, non-abelske Lie-groepen,” sei de natuerkundige konsintearde, “chromodynamika, sterke krêften... swakke krêften plus elektromagnetisme. Dit liket op...”, hy hâldt stil by ien fan de bledsiden, “dit liket op in bewiis dat... der foar elke kompakte simpele ijkgroep... in net-triviale kwantum Yang-Mills-teory bestiet yn in fjouwerdimensjonale euklidyske romte. Of net?”

Oceana knypeage mei fertraging.

“Is de teory dy't korrespondearret mei de ijkgroep aksiomatysk?”

Isaac syn tinzen waarden absorbearre yn de kognitive sentrifúzje dy't sûnder ophâlden fuortkaam út de wiskunde op de bledsiden fan it learen boekje.

“Gotskes, mienst it serieuus? In oplossing fan Yang-Mills is in haadpriis fan in miljoen dollar. Plus, do hast sawol atomêre as kwantummechanyske beskriuwings. En dan haw ik noch net iens oer it potinsjele iepenlizzen fan ien fan de paden nei in framework foar in *Theory of Everything...*!”

“Hoe kin ik it serieuus miene,” sei Oceana, “as ik yn in gesticht sit?”

De heechlearaar skodde mei in blik sa bitter as de appel betochtsum de holle. Ut 'e binnenbûse fan syn jaske helle hy in identyk learen boekje dat er op it plak fan it oare boekje lei. Hy naam it boekje fan Oceana en die it yn 'e bûse.

“Hoe kin ik it serieuus miene, as ik yn in gesticht sit?”, werhelle se har fraach.

De fysikus sette hearber de toskten yn de hurde griene appel.

“Ik tink dat ik dy deameitsje wol... mar wa soe ik deameitsje?”

“Dat is de sykte, myn leave natuerkundige. Dat is de sykte.”

“Sa is it, ik kin dy net werom omdatsto siik bist.”

Isaac iet de appel op en goaide him yn 'e jiske-amer, wylst er op 'e klok seach.

“It wie noflik, mar ik moat no fuort.”

“Al wer?”

“Ja, al wer. Witst it noch?”

“Miskien.”

De fysikus luts syn antlit ta in glimk en gie hastich de keamer út.

Foar't se har deljoech, helle Oceana in grutte map papieren ûnder har bêd wei, folskreaun mei wiskundige stellingen.

It wie trije oer ienen middeis, it part fan de dei dat alle pasjinten har frij wijje koene oan harren talinten en hobby's.

* * *

De frisse maitidslucht yn 'e sikehûstún rôp frisheid en helderheid fan geast op. De kalmte fan 'e tún joech de mooglikheid ta in gefoel fan ferheven kalmte en feiligens wêrtroch Oceana der oerenlang sitte woe, telepatysk yn petear mei de atomen, mei de dieltsjes en mei de ûneinich lytse stikjes fan de romte dêr't hja allinne de stimmen fan hearde.

“Ik bin echt gek... miskien,” sei se, wylst se yn harsels harkje nei de echo's fan de subatomêre dieltsjes yn de bledsjes fan in kamilleblomke.

De sinne-ûndergong yn 'e fierte brocht in hast folslein harmoanyske, wolkeleaze en wynstille lêste haal deiljocht tsjin it tsjuster oan 'e loft dat klear stie om him oer de stêd út te sprieden.